


# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Tjitte Hemstra GrienLinks, Charda Kuipers PvdD, Frederique Kosse PvdA, Daan Olivier
--

Moasje nr.	5
Paraaf	
Wurklistpunt	9
Beslút	

## MOASJE, eks kêst 31 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	25 maart 2026
Wurklistpunt	9. Eigen Duorzume Enerzjy
Koarte titel fan de moasje	Duorsume elektryske fytsen

De Steaten, yn gearkomste byinoar op 25 maart 2026, heard hawwende it berie;

konstatearjende dat

- de Steaten it konsept sirkulariteit heech yn it findel stean hawwe,
- der in protte amtners binne dy't op de fyts nei it wurk komme (dêr't wy fansels tige wiis mei binne),
- de provinsje ek sels fytsen hat dy't de wurknimmers brûke kinne,

oerwagende dat

- der in soad elektryske fytsen fuortdien wurde op it stuit dat allinnich de akku net mear goed is, wylst de rest fan de fyts noch wol jierren mei kin,

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- te ûndersykjen oft it ek mooglik is om it gebrûk fan twaddehânsk fytsen mear te stimulearjen as folslein nije fytsen, bygelyks troch opkalefattere ('*refurbished*') fytsen, bygelyks twaddehânsk fytsen fan fytswinkels of fan de kringloop, foar 100% te fergoedzjen,
- te oerwagen om nije elektryske fytsen net mear folslein te fergoedzjen, mar yn stee dêrfan it ferfangen fan in nije akku foar de folle 100% te fergoedzjen,
- en dat dan te beteljen troch de fytsfergoedingen hjir op oan te passen.

en geane oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	FNP, Tjitte Hemstra GrienLinks, Charda Kuipers PvdD, Frederique Kosse PvdA, Daan Olivier
---------------	---